

# TRYATER

## TRYATER SIKET: BETÛFTE AMATEUR-TROMBONISTEN

Foar de grutte lokaasjefoarstelling *Under Wetter* (12 maaie o/m 9 july) sykje Tryater en dûnsselskip Ivgi & Greben betûfte trombonisten dy't de muzyk fan komponist Sytze Pruikma útfiere kinne. Do spilest op frijwillige basis mei yn de foarstellingen op de iisbaan fan Wergea en op Skylge/Oerol. Mei elkoar is plak foar sa'n tsien oant fyftjin musisy (twa of trije musisy de partij); yn elke foarstelling spylje fiif trombonisten ûnder lieding fan in profesjonele trombonist (Brandt Attema / Sebastiaan Kemner).

---



### Wat is dyn profyl?

- Bist in betûfte amateurtrombonist;
- Hast les hân en hast op syn minst diploma B (leafst C);
- Wennest it leafst yn of yn de buert fan Fryslân;
- Fynst it moai om ûnderdiel te wêzen fan in besiele groep makkers en spilers.



### Wat biede we?

- In masterclass fan Brandt Attema op sneon 9 april;
  - In fantastyske ûnderfining by in grutte iepenloftproduksje, mei profesjonele musisy, akteurs, dûnsers, figuranten en meiwurkers;
  - Reiskostefergoeding;
  - Catering op de mominten dat dat nedich is;
  - As it nedich is: ferbliuw op Oerol, Skylge (yn oerlis).
- 

### Beskikberheid

Do bist beskikber op:

- 9 april fan 10.00 oant 16.00 oere foar de masterclass fan Brandt Attema;
- 16 april fan 10.30 oant 16.00 oere, 24 april fan 10.30 oant 15.00 oere en 1 maaie fan 13.00 oant 16.00 oere foar de repetysjes mei Brandt Attema of Sebastiaan Kemner;
- Minimaal de helte fan de folgjende data: 5, 6, 7, 9, 10 en 11 maaie, allegear yn de jûnsoeren;
- En foar leafst alle - mar minimaal tsien - foarstellingen fan *Under Wetter*. Alle data binne te finen op ús webside: <https://tryater.frl/programma/underwetter>.

Mochtst oare trombonisten witte dy't de partij mei dy diele wolle soenen of dy't ek meidwaan wolle: lit it witte en diel dizze oprop!

### Deadline

Wy ûntfange dyn reaksje (ynklusyf motivaasje) graach uterlijk moandei 14 maart. Dêrnei wurdt persoanlik kontakt mei dy opnaam.

Oanmelde kin op de ûndersteande link:

<https://forms.gle/ASCppMjo9yN3ZrRg7>